

REGLEMINT TOANIELADVYS

Alle by lepen DoEk oansluten selskippen kinne gebrûk meitsje fan de mooglikheid om advys te krijen by it meitsjen fan in produksje. It advys kin oer allerhande saken gean, dy 't in foarstelling oanbelangje.

Bygelyks:

- Kar fan in stik
 - sykje
 - skriuwe
 - oersetse

 - Rezjy (byg. begelieding yn it repetysjeproses): -
 - mise en sêne
 - tempo en ritme
 - spulstyl
 - tekstbehandeling

 - Dekor/foarmjouwing

 - Kostúms / oanklaaiing

 - Technyk

 - Muzyk
-

Foar dit advys kin in fraach yntsjinne wurde by lepen DoEk mei it oanfraachformulier.

Wy sykje dan nei oanlieding fan de fraach kontakt mei it selskip en mei in persoan of organisaasje op it gebiet wêr 't advys foar oanfrege wurdt.

De persoan of organisaasje dy 't advys jout moat ynskreaun wêze by de Kamer van Koophandel.

It selskip kin by it oanfreegjen fan advys in bydrage krije.

Iepen DoEk jout op syn meast in bydrage oant 25% fan it toanieladfys; mei in maksimum fan € 150,-- per advys dat oanfrege wurdt.

It selskip kriget streekrjocht fan de persoan of organisaasje in rekken foar it ferliende advys.

It selskip kin dêrnei de rekken by STAF yntsjinje om in bydrage oan te freegjen.

It is ek mooglik om gebrûk te meitsjen fan de tsjinsten fan saakkundigen. Dy binne net ynskreaun by de Kamer van Koophandel. Dêrfoar wurdt in fergoeding frege fan € 4,50 yn it oere. Dan is der gjin mooglikheid om in bydrage oan te freegjen Alle kontakten foar toanieladfys rinne fia lepen DoEk.